

Men moat gjin âlde
skuon fuortsmite foar't
men nije hat

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

Boarstbyld

Stichting de Freulepartij betinkt
150ste bertedei fan Clara Jacoba
de Vos van Steenwijk

Pagina 3>

Utwikseling

It keunstnerspear Sijbesma
belibbe in aventoerlike wike
yn in flat yn Den Haach

Pagina 7>

School

Giel van der Wal haalt in 'Dorp oan
de trekvaart' herinneringen op oan
Wommels

Pagina 9>

Jubilearjende ûndernimmersferiening yn Winsum stiet der goed foar 'Doarp is yn trek by bedriuwen; it is booming business'

Winsum - „It ûndernimmerslibben groeit en bloeit hjir. It is ús taak om dat út te dragen. Wy wolle der foar soargje dat de bedriuwen harren ûntwikkelje kinne.“ Foarsitter Piet Heslinga en siktaris Jetske Tolsma fan de Undernimmersferiening Winsum jouwe oan dat de 'klub' der goed foarstiet. Op 3 maart is it 25 jier lyn dat de feriening oprjochte waard, de jubileumfiering is op 23 maart.

Troch Hinne Bokma

„Sa min ha wy it net dien. Wy binne 25 jier lyn begûn mei 22 leden, it binne der no 48 en ik soe sizze: op nei de 50“, jout foarsitter Heslinga oan. Fan dy 48 leden komme der trije út Spannum. Neffens siktaris Tolsma is 95 persint fan de bedriuwen yn Winsum oansletten by de feriening. Wat neffens har foaral opfalt is it grutte tal jonge entûsjaste leden. Dat entûsjasme wie der 25 jier lyn ek by in groepke ûndernimmers dat ûnder lieding fan Nico de Groot it inisjatyf naam in ûndernimmersferiening yn Winsum op te rjochtsjen. Winsum woe doedestiids de sintrumfunksje yn de regio fierder útbouwen. Yn dat ferhaal paste ek in ûndernimmersferiening. Doe koene nije bedriuwen



Siktaris Jetske Tolsma en foarsitter Piet Heslinga fan de ûndernimmersferiening.

harren noch yn Winsum festigje. Der wie noch romte, bedriuwskavels wiene noch te keap. Dat is net mear sa. Heslinga en Tolsma jouwe oan dat de boel yn Winsum al jierren flink op slot sit, útwreiding fan it bedriuwenterrein is net mooglik, hoe graach se dat ek wolle. „Der is gjin fjouwerkante

meter mear te keap.“ De gemeente Waadhoeke, dêr't Winsum sûnt 1 jannewaris 2018 diel fan út makket, rjochtet him wat de festiging fan nije bedriuwen earst op Frjentsjer, Dronryp en Menaam. Dat Winsum oantreklik is foar ûndernimmers blykt wol út it feit dat op it stuit foar leechsteande

bedriuwsgedebouwen gau in nije gebrûker fûn wurdt. Tink bygelyks oan de panden fan Tinga en Mannen van Staal. „It is booming business“, jout Heslinga oan. De ûndernimmersferiening docht syn bêst om it doarp foar bedriuwen sa oantreklik en feilich mooglik te hâlden. Dêrom wol de

feriening graach in fuotpaad lâns de hieltiten drokker wurdende Kleasterdyk en binne se mei de gemeente Waadhoeke yn oerlis. Heslinga en Tolsma jouwe oan dat se harren yn de nije gemeente wol thús fiele. „It moat syn wei fine.“ Dat Winsum nei de Waadhoeke soe, wie in jier as wat lyn foar in part fan de Winsumers net in útmakke saak. Undernimmers joegen oan wol nei Ljouwert te wollen. „Yn opdracht fan de leden fierden wy dat út“, fertelt Heslinga. Mar de Winsumers krigen it op it gemeentehûs yn Wommels net klear, it waard dochs de Waadhoeke. „Wy fielden ús net serieuus naam.“ De kwestje hat west en de eagen fan de ûndernimmers binne rjochte op de takomst. Der wurdt al wer neitocht oer in nije iepen bedriuwdei, dy't yn 2023 of 2024 holden wurde sil. De eardere edysjes, dy't plak fûnen yn 1998, 2006 en 2017, wiene ommers in sukses. Wat by de ûndernimmersferiening yn Winsum opfalt is it lytse tal mutaasjes yn it bestjoer. „Wy hawwe yn 25 jier mar 23 ferskillende bestjoersleden hân“. It jout oan dat se mei-inoar ferbûn binne. Neist Piet Heslinga en Jetske Tolsma bestiet it hjoeddeiske bestjoer út Baukje Kramer, Lammer Kingma en Titia Lycklama à Nijeholt.

Enquête betaalbaar wonen voor jongeren in Wommels

Wommels - Jongeren tussen de 18 en 29 jaar kunnen hun mening geven over Bogerman 2.0 in Wommels. Dorpsbelang wil daar betaalbare huur- en koopwoningen realiseren. Door Dorpsbelang is een bureau gevraagd om de wensen van jongeren in kaart te brengen. In Wommels is een project gestart om het voormalige Bogerman College te moderniseren tot huur- en koopwoningen voor jongvolwassenen. Hierin komen huurappartementen in het hoofdgebouw en koopwoningen

erachter in de vorm van een hofje. Meerdere varianten zijn ontwikkeld. Daarom onderzoekt Dorpsbelang via een bureau of er belangstelling is voor de huur- en koopwoningen onder jongvolwassen van 18 tot en met 29 jaar. Ook wil ze van de jongeren weten waar de voorkeur naar uitgaat. Het onderzoek is anoniem en tot eind februari te vinden op www.betaalbaarwonenwommels.nl. De resultaten zullen in maart door Dorpsbelang Wommels worden gepresenteerd.

Hynsteman as ferhalenferteller yn Jorwert



Hynsteman Jelmer Chardon – syn hynder Jurre 495 waard yn jannewaris foar de tredde kear kampioen op de Hengstenkeuring yn Ljouwert – wie op snein 10 febrewaris ien fan de fertellers op de Ferhalentocht yn Jorwert. Hy die dat by him thús yn de stâl. De Ferhalentocht waard foar de tsiende kear holden. It tema wie dit jier 'Myn grutte leafde'. Oare fertellers wiene Douwe de Bildt, Siebren Dijk, Geartsje de Vries en Ate de Jong. Nei ôfrin fan de tocht troch it doarp stie der foar de besikers in miel iten klear yn kafee. Foto: Guus van de Sande

Timmer- & Aannemersbedrijf

van Ruiten

OOK STALLING MOGELIJK